Op 'e Skille is in útjefte fan Utjouwerij Bokma
6 september 2017 • 52ste jiergong • Nûmer 18

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

**De frucht stimpelet net allinne it lân, mar ek de boer**




### De Klieuw

'De famylje Huitema wie neat sûnder de gasten. De gasten kleurden harren libben'

pagina 3>





### Bijlage

Al sa'n twahûndert minsken binne Freon fan de Spulwike. Mear dêr oer yn de Spulwikekrante

pagina 9>





### PC

De boeren keatse yn Easterein en binne ien dei net by gewaaks en fee.

pagina 13>


## Hutten bouwen in timmerdorp op zwembadterrein





*Het terrein van zwembad De Klomp in Wommels was weer twee dagen ingericht als timmerdorp. Zo'n zestig kinderen uit de gemeente Littenseradiel mochten daar naar hartenlust timmeren en zagen. Van de houten pallets, er waren er 375 van aangevoerd, werden hutten gebouwd. Het was de bedoeling dat de kinderen in tenten op het terrein zouden overnachten. De plens regen – er viel in Wommels meer dan 50 mm – gooide roet in het eten. Sommige tentjes stonden onder water. Er werd daarom gezamenlijk overnacht in de gymnastiekzaal van de brede school It Trochpaad. Foto's: Hinne Bokma*

# Even yn in oare wrâld op eigentiidsk Greidhoek' Festival

***Wommels*** **– Op sneon 9 septimber sil de sânde edysje fan it Greidhoek' Festival wêze, mei dizze kear as tema "Make love not wâl". Drokke tiden foar de Keunstkommisje, dy't al moannen dwaande is om ek dit jier in ôfwikseljend programma oanbiede te kinnen.**

*Troch Nathalie Oliveiro*

De keunstkommisje waard yn 2012, mei de twadde edysje fan it festival, nij libben ynblaasd. Nei de komst fan Rozemarijn Strubbe wiene ek Rixt Walda en Wendelien Kloosterman al gau part fan it team. Yn 2016 kaam Grietje Deinum derby en dit jier hawwe se de help fan stazjêre Janneke de Boer.
Mei de ynset fan har kwaliteiten, fan struktuer oanbringe, kontakten lizze mei minsken, ludike ideeën betinke, oant tsjoene mei taal, stribbet de kommisje der alle edysjes nei om in nij programma del te setten en aktiviteiten te organisearjen dy't oanslute by it tema. Dat lêste wurdt meastentiids bekend makke oan it begjin fan it jier. At it ienkear safier is, kinne de froulju los. ,,Dan beginnen de creatieve breinen te draaien en verzinnen we allemaal wilde plannen'', fertelt de entûsjaste Rozemarijn.
In fol programma hawwe de froulju fan de keunstkommisje yninoar setten foar de sânde edysje fan it eigentiidske Greidhoek' Festival 2017. Alle keunstfoarms komme oan bod en foar elkenien sil der wat te belibjen wêze op it swimbadterrein fan Wommels. Fan middeis fjouwer oere ôf is der foar jong en âld keunst te sjen, te hearren en te dwaan.
De bern kinne nei de Schuurmuur fan keunstner Paul Dennis Edens om sels oan de slach te gean. Dêrneist kinne se by de CoderDojo ûnder oaren harren enerzjy omsette yn digitale keunst as besykje te ûntsnappen út de Escaperoom. Wurk fan skoalbern makke yn it kader fan Kening fan de Greide is te bewûnderjen yn de Turegluur. Spesjale gast fan dit jier is Lars van der Werf. Taskôgers kinne troch de dichter út Rotterdam in eigen fers meitsje litte. Noch mear poëzy krije we fan muorredichteres Pieteke de Boer. Sy docht alwer foar de tredde kear mei en sil net allinnich gedichten sjen, mar ek hearre litte. Húskeunstners fan it Greidhoek' Festival binne dichter Elmar Kuiper, sûnt 2011 belutsen by it festival, en Paul Smit, dêr't minsken op 'e nij hinne kinne foar in skilderworkshop. Eltse kear witte se harren keunst yn in ferrassend eigenwiis jaske te jitten en dat is no krekt werom se ek dit jier wer frege binne. Besikers kinne in hiel oare wrâld betrede troch te sjen nei dûnsgroep De Meisjen ûnder lieding fan Marlien Seinstra as te lústerjen nei Joost Zijn Onemanband Showorkest, dielnimmer fan Holland's Got Talent 2017.

It Greidhoek' Festival is minskewurk en it belûken fan minsken út de omjouwing is tige wichtich. Sa kinne minsken mei in persoanlik ferhaal oer de betsjutting fan de tsjerketoer oankommende sneon harren flage ophingje. Kliïnten fan Talant sille se middeis mei in buske ophelje. Derneist binne bewenners fan Nij Stapert ôfrûne simmer drok dwaande west mei in abstrakt borduerwurk en binne der troch doarpelingen fersen ynsprutsen foar de lústermuorre.


Tel: 0515 - 413372
ALLiCHT
• Verlichting • Lichtadvies
• Onderdelen • Elektronica
www.allichtverlichting.nl
www.allichtelektro.nl
Oudkerkhof 6 - 8601 EE - Sneek




Al 20 jaar uw haar onze zorg
't Kappershûs
www.kappershuis.nl

Start Meditatiecursus
Woensdag 20 september
19.30-21.00 uur (6x)

Zaterdag 23 september
Stiltemiddag 13.00–17.00
Info: www.sinneflecht.nl

Timmer- & Aannemersbedrijf
Van Ruiten
OOK STALLING MOGELIJK
INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

Uw voeten in goede handen
Clara
Medisch- en oncologisch voetzorgverlener
Breed gespecialiseerd in behandeling: diabetes, reuma, oncologie en overige risicovoeten.
Tjessingawei 8 Hilaard
Mob: 06-55 56 44 08
Tel: 058-251 93 78
www.pedicurepraktykclara.nl